

Fierljeppers

mei AOW:

Reinder Wynia (67) en

Jetse Jorritsma (65)

Fan de lytse 30.000 mánlju fan 65 jier en âlder yn Fryslân sille der net folle wêze, dy't noch in wyt gymnastykbroekje hawwe. Hawwen is dêrby fansels noch hwat oars as brûken. Der is yn elk gefal ien, dy't sa'n broekje hat en brûkt. Dat is Jetse Jorritsma fan de Abbegeaster Rige, dy't yn gymnastedracht meidocht oan it fierljeppen. Dy klean draecht er mei eare, hwant hy is noch sa linich as lekken.

Mei syn 65 is er net de âldste fierljepper. Dat is Reinder Wynia fan Wurdum, dy't 67 jier is. Hoe't in man op dy jierren soks noch doar en kin? „Och, hiel gewoan”, seit er, „Ik ljep bûten de wedstriden om noch altiten”. Fan birop is er ferwer, dy't him as oaw-er net to drok mear makket. Hy makket him allinne drok foar de jacht, hwant hy mei dan ferwer wêze, yn wêzen is er jager. As it heal kin, is er yn it fjild mei it gewear... en de pols. Ljeppen is foar him dan ek gjin bisûnderheit. Dêrom hie'd er dan ek gjin spesjale ljeppersklean; in âld broek en in âld boesgroentsje wie fol-dwaende. De lêste tiid stiet er der lykwols mar hwat sportyf op mei in lange ljochte en smelbokserige sportbroek. De man, dy't nea oan sport dien hat, mar wol altiten „gewoan ljepte” is yn'e bisnij-jing kommen fan it sport-ljeppen. Pracht middagen, seit er.

Dy fan Winsum fynt er it moast. Fansels ek wol in lyts bytsje, omt er âld-Winsumer is. As jonge hat er fan de jiskepream ôf hiel hwat oer de Sint Japik ljept, der't hjoed de greate strild om it kamploensskip striden wurde sil. Hy hopet der as dielnimmer to wêzen en dat docht Jorritsma ek. Dy lit him Winsum net ûntkomme, hwant mei Wynia fynt hy dit de moaiste middel. „Hjir hinget foar my in soartgelikense sfear as op de PC en de Freulepartij; gjinien fan trijen kin ik mear misse”, sa selt dizze boer, dy't mei Wynia mien hat, dat er jager is.

Jager, aisiker, fûgelflapper; natúrman en sportsman. As Jorritsma it fjild yn is, hat er nea in pols mei. Hy kin sa noch wol oer de sleatten. Dêrom hat er gjin pols, mar der komt tinklik al ien. Net omt de baes minder wurdt, mar omt er better wol. Hy wol him oefenje om fierder ljeppe to kinnen. Dêrfoar kriget er aenst

ue ma, hwant nest de pleats wurdt in wenning boud, der't de frou en hy yn sille.

Wynia's fierste hat 7.33 m. west. Dat wie yn Himmelum, mar yn Heech kaem him oer, hwat noch nea earder bard wie; hy rekke der yn. Hy wie net de ienichste; troch de stive sydwyn en de dridzige groun rekken der dêr gâns ljeppers yn. Wynia sinnige dat mar min, hwant oars komt hy altiten moai mei de hakken oer de sleat. Krekt fier genôch foar in man, dy't yn it fjild oer in feart moat en Fryslâns âldste fierljepper bliuwt op de wedstriden de man fan it fjild.

Jorritsma ek, mar hy hat altiten in sportsman west. Swimme, sile, ride en binammen drave. Oan hiel hwat wedstriden hat er meidien en yn syn jonge jierren koe nimmen him foar komme. Syn training wie om nei melken út it lân wei sa hurd as er koe nei hûs ta drave, in tweintich minuten en dêrby moast er yn'e loop wei sûnder de hannen to brûken oer hiel hwat hikken springe. Dat wie yn syn jongfeintejierren, dy't yn Toppenhuzen lizze.


Sûnt is er de man fan it wetterlân bleaun, hwant jeije en aisykje docht er altiten op en om de Snitsermar; nea om hûs en hear. Sûnt is er ek sportsman bleaun. Op'e stoel yn'e keamer makket er samar in hânstân. Syn fierste sprong hat er yn Heech dien; 9.20 meter, mar hy wol fierder, dus sil er bisykje it klimmen yn de pols to learen.

It fet sil him dêrby net yn'e wei sitte. Dat docht it Wynia ek net. „Ik droegje op”, seit dy droechwei. Jorritsma is al sa'n smoute forteller. Dizze wetterlâns Fries is hwat libbener as dy fan de Greidhoeke, mar beide hawwe mien, dat hja ljeppe sille sa lang 't hja kinne. Op wedstriden, mar leaver noch langer yn it frije fjild, hwant

dat giet har boppe lles, hoe heech hr de sellige ljeppersmiddagen ek lizze.



R. WYNIA



J. JORRITSMA